

DOARPSKRANTSJE

EASTEREIN desimber 2024



COUPERUS HYDRAULIEK B.V.

Couperus Hydrauliek ontwikkelt, ontwerpt en bouwt hydraulische systemen voor elke denkbare toepassing.

Mobiele hydrauliek



Hydrauliek voor industrie

Maritieme hydrauliek



Techniek is onze drive!

Kolofon

Nûmer 11 – desimber 2024

Redaksje:

Bauke de Boer

Helga Develing

Klaas de Jager

Jet Postma

Einredaksje: Karin Sjaarda

Foto foarside: J&M Teaterwurk

Opmaak: Froukje Dijkstra

Printwurk: Drukkerij Van der Eems

Kopij Doarpskrantsje:

doarpskrante@easterein.nl

as by Karin Sjaarda,

Andries Joustrastrjitte 5

Webside Easterein.nl:

info@easterein.nl

Twitter: @easterein_frl

Facebook: Fraach&oanbod&sa

Advertinsje?

Mail nei doarpskrante@easterein.nl

Rekkennûmer:

NL70 RABO 0349 5017 26

û.f.f. Doarpskrante

De redaksje fan de Doarpskrante stelt har net oanspraaklik foar de ynhâld fan ynstjoerde stikken. De redaksje behâldt har it rjocht foar om artikels yn te koartsjen of mooglik te redigearjen. Troch it ynstjoeren fan teksten/of byldmateriaal jouwe jo tastimming foar it fermannichfâldigjen hjirfan.

Vrijwillige bijdrage

In dit doarpskrantsje zit weer de envelop voor de vrijwillige financiële bijdrage.

Voor een bedrag van € 7,50 kunnen we in 2025 weer een mooi doarpskrantsje voor u maken.



Bij de bezorging in januari zullen we de envelop weer bij u ophalen. Ook kan de vrijwillige bijdrage worden overgemaakt naar Doarpsbelang: NL70 RABO 0349501726 o.v.v. Doarpskrantsje.

Nog een paar feestelijke gebeurtenissen: Sinterklaas, Kerstdagen en Oud & Nieuw en dan staat 2025 voor de deur.

De redactie; Bauke, Helga, Jet, Klaas, Karin en Froukje en alle bezorgers wensen jullie alvast fijne kerstdagen en een gezond 2025 toe!



Kopijdatum:

Woansdei 1 jannewaris

(ferskynt 10 jannewaris)



Bergsma Easterein



RESTAURANT



0515-331290



PARTYCENTRUM



INFO@BERGSMAEASTEREIN.NL



TROUWLOCATIE



ZAKELIJK



WWW.BERGSMAEASTEREIN.NL



CATERING



Sporthal & Sportkafé
De Greidhoeke



0515-331922



info@degreidhoeke.frl

Follybal - Tennis - Badminton -
Sealfuotbal - Basketbal - Koorkebal -
(Muorre)keatsen - Gymnastyk

Doarpsaginda Desimber

Desimber


07 desimber	14.30	SDS 1 - SSS '68 1, <i>De Skoalleseize</i>
10 desimber	07.00-08.30	Ald papier kontener
11 desimber	07.00-08.30	Grize kontener
12 desimber	12.00	Samen eten, <i>De Skoalleseize</i>
13 desimber	19.30 uur	Pyjama-concert Forte Frisone 'A Christmas Carol', <i>Martinitsjerke</i>
14 desimber	19.30 uur	Pyjama-concert Forte Frisone 'A Christmas Carol', <i>Martinitsjerke</i>
15 desimber	11.00-17.00 20.00 uur	Winterfair, <i>It Noard en it Reade Hynder, Wommels</i> Krystkonsert, <i>Martinitsjerke</i>
17 desimber	19.30	Filmavond, <i>Populiereleane 9</i>
18 desimber	07.00-08.30 16.00	Griene kontener Adventsviering ouderen, <i>De Skoalleseize</i>
21 desimber	07.00-08.30 Twa wiken 16.00-17.00 19.00-20.30 21.00 22.00	Grize kontener Krystfakânsje BO + VO Disko foar groep 1 o/m 4, <i>de Tsjerne</i> Disko foar groep 5 o/m 8, <i>de Tsjerne</i> Disko foar groep 8 en âlder, <i>de Tsjerne</i> XXL Christmasparty, <i>Bergsma Easterein</i>
22 desimber	15.30 16.00	Winterfilmkonsert Wilhelmina, <i>Martinitsjerke</i> Blues cruise Eastersnein mei 'Ticket West', <i>Bergsma</i>
24 desimber	20.30 uur	Pyjama-concert Forte Frisone 'A Christmas Carol', <i>Martinitsjerke</i>
25 desimber	09.30	Krystfeest foar jong en âld, <i>Martinitsjerke</i>
29 desimber	14.00	'It Lêste rûntsje', <i>Jierôfluting, Bergsma</i>
31 desimber	13:00	Aldjiersdei toernoaien, <i>Sporthal de Greidhoeke</i>

Jannewaris

01 jannewaris	20.00	Lêste ynleverdei kopij Doarpskrante
04 jannewaris	17:30	SDS nijjierssit yn de Skoalleseize

*Dizze ynformaasje komt fan easterein.nl en út de mailtsjes dy't wy krije.
Ha jo ek wat foar de doarpsaginda? Mail it dan nei doarpskrante@easterein.nl*

Ut de húshâlding fan...
Wa binne dit?



FIZEL

DROGISTERIJ - PARFUMERIE

TERP 52, 8731 BA WOMMELS
TELEFOON 0515 333 210

5 juny

5 desimber

It is alwer in healjier lyn dat we ôfskie nommen ha
fan ús leave man, (skoan)heit en pake

Djurre J. Tacoma


Yn ús tinzen is er altyd by ús en yn alles wat er efterlitten hat.

Wy wolle elkenien tank sizze foar it waarme omtinken
yn hokker foarm dan ek.

It hat ús hiel goed dien en de moed jûn om fierder te gean.

Nochris tige, tige tank.

Botty Tacoma-Veenstra,
Bern en bernsbern.



* Berltsum 26-03-1941

† Ljouwert 17-11-2024

Op 17 novimber hawwe wy ôfskied nimme moatten fan ús
ynleave frou, mem, beppe en oerbeppe,

Afke L. Wiersma-Algra

Kees Wiersma, bern en bernsbern

It ôfskied hat yn besletten rûnte plak fûn.


Fan it bestjoer

Troch Berend Santema



We ha prachtige rin- en fytspaden rûnom Easterein.

Yn de ruilferkaveling, dy't yn 1984 ôfslúten waard, binne se oanlein, wêrby doe in grut tal fee-roasters nedich wiene. We ha de gemeente al faak frege om de roasters op te romjen, om't se foar fytsters en riners lestich en sels gefaarlik binne. Mar der lizze noch in grut tal dy't gjin funksje mear ha. Dêr sil no meikoarten yn ien kear in protte fan opromme wurde. Dat binne de blauwe ballontsjes op it kaartsje. De pearse bliuwe lizzen.



Enkête wenomjouwing Easterein

Wat fine de ynwenners fan Easterein fan de wenomjouwing. Dat wol de gemeente SúdWest-Fryslân graach witte. Dus hjirbij de oprop oan alle Eastereinders om de enkête yn te fullen. Dat kin troch de link te brûken yn ûndersteand kader. Kopieer dizze nei tillefoan, tablet of computer en iepenje de enkête!

Wat vind je van onze wegen en stoepen, en ons groen?

Als inwoner maak je elke dag gebruik van onze openbare ruimte: je rijdt naar je werk, fietst naar de supermarkt, gaat met je (klein)kinderen naar het speeltuintje in de buurt. De gemeente onderhoudt die openbare ruimte. Willen jullie een enquête hierover invullen?

Waarover gaat de enquête?

Onze wegen, stoepen, speelplaatsen, bruggen, steigers, gebouwen en natuurlijk het openbaar groen. De enquête gaat vooral over onze directe omgeving. De gemeente vraagt ook naar een top 5 van dingen die beter kunnen.

Waarom is invullen nu belangrijk?

De gemeente gaat bezig met een nieuwe beleidsnota openbare ruimte. Hoe meer reacties, hoe beter de gemeente weet wat wij als inwoners willen. Zo kunnen ze met de gemeenteraad bepalen hoe goed ze de openbare ruimte de komende jaren willen onderhouden.

Waar vind je de enquête?

Op <https://survey.sudwestfryslan.nl/enquete-onderhoud>

Invullen kan tot en met 31 december.

Alvast bedankt namens de gemeente!

Klachten melde bij it Gemeenteloket

By it gemeenteloket kinne jo melding dwaan fan alle saken dy't stikken binne, oanpakt wurde moatte, gefaar of oerlêst opleverje. Binnen 5 dagen krije jo berjocht. Meitsje der gebrûk fan. Dat kin ek as buert of as buorlju meielkoar. <https://sudwestfryslan.nl/onderwerp/melding-doen>

Kontribúsje

Ein novimber is de kontribúsje fan 7 euro fia de automatyske ynkasso oerskreaun. Dat hiene we yn it foarige berjocht meinimme sille, mar is tusken wâl en skip rekke. Sorry derfoar.

Wy winskje jim allegear in noflike en gesellige desimbermoanne ta.

Berend Santema, Henk Duimelaar, Sjoukje van der Eems, Simon van der Velde, Sjouke Strikwerda, Wouter Develing en Liesbeth Bootsma

LEANBEDRIUW
OKKEMA



CONTACT

- ☎ 0515-331366
- 📞 06-26569428
- ✉ info@okkema.nl
- 🌐 www.okkema.nl

LEANWURK

KRAANFERHIER

GRÛNFERSET

EK FOAR: SÂN · TÚNGRÛN · WÂLBESKOEIING · BESTRATING · EN MEAR

📍 Wynserdyk 24, Easterein

B. Sandstra

Mesthandel en transport

Skrok 2/A | 8734 HG Easterein | T 0515 332220 | 06 51796583

Caravanstalling T 06 22681855

www.sandstra.nl

Serenade foar Jurjen

We hawwe op freed 22 novimber in serenade brocht oan Jurjen de Boer - ús baritonblâzer - omdat hy nei 51 jier stoppet yn 'e fiskwinkel yn Boalsert. In groepke muzikanten hat in serenade yn de winkel brocht op syn lêste wurkdei. Hiel spesjaal en Jurjen fûn it ek prachtich!

Ha jo in 50 jierrich houlik of iets oars spesjaals/feestliks te fieren wer't in serenade by past? Lit it ús op tiid witte fia wilhelminaeasterein@gmail.com
Dan kin we sjen at we in groepke by elkoar krije.

Forte Frisone - a Christmas Carol útfieringen

Klear foar de leukste pyjamaparty fan it jier? Op 13, 14 en 24 desimber wurdt de Martinitsjerke yn Easterein in muzikaal winterwûnder. Forte Frisone bringt Scrooge: A Christmas Carol ta libben yn in waarme, magyske sfear. Foar jong en âld in betoverjende jûn! Lûk dyn waarmste pyjama oan en komt del op 13 en 14 desimber om 19.30 oere of op 24 desimber om 20.30 oere.

Winterfilmkonsert 22 desimber 2024

Op snein 22 desimber om 15.30 oere ha we ús folgjende konsert. Dit kear yn de prachtige Martinitsjerke, dy akoestyk bliuwt magnefyk! We spylje prachtige winterfilm muzyk sa as The Snowman en The Polar Express. Komme jo ek yn dizze wintersetting? Natuerlik komt ek wat Krystmuzyk foarby... Oant sjen!



Snertaksje

Us snertaksje fan foarich jier giet op herhaling! It smakket hearlik en spekt ús ferieningskas. Ien bakje fan 0,75 liter kostet 6 euro en twa bakjes foar 10 euro. It is farske eigenmakke snert mei woarst. De leden nimme sels bestellings op en bestelle kin ek fia wilhelminaeasterein@gmail.com

Jou by jo bestelling yn de mail ek efkes it adres derby oan, dan bringe we it lâns at jo binnen 2 km fan Easterein wenje. It sil rûn 22 desimber wêze dat it makke is.

It spoar werom

Troch Helga Develing

Had het anders gekund? Die vraag is de titel van een boek van Abel de Jong, dat hij schreef over de oorlogservaringen van zijn ouders. Zijn vader, Sally de Jong, tweelingbroer van de vermaarde Loe de Jong, was kamparts in Westerbork, vluchtte, maar werd opgepakt, teruggestuurd en belandde in verschillende concentratiekampen waaronder Auschwitz. Uiteindelijk bezweek hij aan de ontberingen. Ook Abels moeder, Liesje van Male, overleefde de oorlog niet. Aan de hand van onder andere brieven en documenten van zijn ouders schreef Abel de Jong zijn boek. Een boek dat uitgangspunt is van een bijzonder project, waarin een hoofdrol is weggelegd voor ons eigen Easterein.

Ook in Easterein heeft de oorlog zijn sporen nagelaten. Elk jaar op 4 mei herdenken we met elkaar de slachtoffers van oorlogen en vredesmissies sinds WOII. Elk jaar staan we stil bij de te vroege dood van Enne Bruinsma, die in het verzet zat en stierf in Neuengamme, Andries Joustra, ook verzetsman, die in kamp Vught om het leven werd gebracht en Gerrit Joustra, die omkwam toen hij in Appelscha hout wilde halen om het vuur in de gaarkeuken te kunnen laten branden en Engelse jagers de boot beschooten.

Komend jaar is het 80 jaar geleden dat Nederland werd bevrijd na vijf jaar bezetting door de Duitsers. Ook na 80 jaar maken de gebeurtenissen van toen nog diepe indruk. Jan Arendz, Marijke Geertsma en Thijs Meester maken met muzikant Tseard Nauta en een koor onder leiding van Sjoukje Heins-Scheltema een voorstelling waarin de verhalen van Abel de Jong, Enne Bruinsma en Andries en Gerrit Joustra samen komen.

Met Abel de Jong gaan ze 'it spoar werom', op zoek naar het verhaal van Sally en Liesje de Jong. Idee is de bezoekers van de voorstelling letterlijk mee te nemen op die zoektocht. Daarbij is ook aandacht voor de gevallen en in Easterein: 'we willen ze een gezicht geven'.

Jan Arendz kent Easterein nog van de tijd dat hij opgroeide in Wiuwert. Toen er een locatie moest worden gezocht voor de voorstelling bleek Easterein de meest passende. De Martinikerk is de perfecte plek: door de eeuwen heen heeft de kerk verschillende geloven geherbergd en is nu ook een plek voor mensen die niet gelovig zijn, maar wel steun of geborgenheid

zoeken. De kerk is een plek voor iedereen, de oorlog heeft iedereen geraakt, en zo is de Martinikerk het perfecte decor voor deze voorstelling. De voorstelling zal niet alleen in de kerk plaatsvinden, maar begint in Café Bergsma en neemt de bezoekers letterlijk mee, 'it spoar werom'.

Op de vraag waarom juist dit verhaal een voorstelling moet worden, geven Jan en Marijke eenduidig antwoord: 'dit is zo'n bijzonder verhaal, waarom kennen we het niet?'

In een oorlog krijgt iedereen te maken met verlies. Verlies dat generaties lang doorwerkt. In een oorlog is veel verborgen en ook na een oorlog blijft veel daarvan verborgen. Dit verhaal is daar een voorbeeld van: Loe de Jong hield het verhaal van zijn broer verborgen. Dit bijzondere verhaal, het verhaal van Sally en Liesje, is het waard gekend te worden.

'It spoar werom' laat ons herdenken, maar ook de vrijheid vieren. De vrijheid die voor een aantal generaties lang vanzelfsprekend leek, maar dat niet is.



Om de voorstelling te kunnen verwezenlijken is hulp nodig. De eerste voorstelling is op 10 april, waarna er nog 28 zullen volgen. Om alles in goede banen te laten verlopen is hulp uit het dorp nodig. Als iedereen die dat kan zich een (aantal) voorstelling(en) inzet wordt het een project van ons allemaal.

Vanaf nu zullen we elke maand een update geven, met later ook welke concrete hulp nodig is. Voor nu de eerste oproep: Sjoukje is nog op zoek naar (mannelijke) koorleden. Info of opgeven: sjoukje.heins@delta.nl

Meer informatie over de voorstelling:
www.jmteaterwurk.nl



INSTALLATIEBEDRIJF **DE JONG**

**Voor meer wooncomfort
van kelder tot dak**



Lid van
UNETO-VNI



ATAG
Verwarming

Fabrykswei 7 Easterein
T. 0515 - 331 512

Uw totaal installateur

www.dejonginstallatiebedrijf.nl
info@dejonginstallatiebedrijf.nl

Toanielferïening 'Fuort Mar Los' giet wer op de planken

Troch Jitske Veldman



Fuort Mar los is in fêste wearde yn Easterein.

Al 46 jier wurdt der elts jier in stik op de planken brocht. Dat giet fansels net sa mar, der komt it nedige by sjen. In hurde kearn fan om en nei by 10 bestjoerders en spilers binne alwer in pear moanne dwaande mei it meitsjen fan plannen en ek de repetytsjes binne wer úteinset. Alle wiken komme de spilers byinoar ûnder lieding fan in profesjonele regisseuse om de foarstelling ta yn de puntsjes ta te rieden en te repetearjen. Dit jier repetearje wy yn de Tsjerne en by kafee-restaurant Bergsma.

Neist it spyljen komt der efter de skermen in soad by sjen: de kôrstikken moatte ûntworpen en makke wurde, ljocht en lûd moat regele wurde, lokaasjes bepraat wurde en foar de foarstellingen sels moat it toaniel fansels opboud wurde. Mar ek op de jûn sels hâlde wy alles yn de eigen hân. Fan de tagong oan't de grime. Alles dogge wy sels. Dat kinne wy allinnich troch ynset fan frijwilligers en de finansjele stipe fan ús donateurs en sponsors.

Lokkich kinne wy as ferïening rekkenje op in jierlikse stipe fan ús donateurs. Foar in lyts fêst bedrach stypje ús donateurs jierliks it Frysktalige amateur-toaniel yn ús eigen Easterein.

Lêze jo dit en tinke jo: Hee, ik bin noch gjin stiper, mar soe dit graach wurde wolle? Nim dan kontakt op mei de ponghâlder: fml.penningmeester@gmail.com. In briefke yn de bus mei fansels ek, op it Skilplein 21.

Wolle jo ús foarstellingen sponsorje mei jo bedriuw yn jild as natuera: dat kin fansels ek, graach sels. Nim kontakt op mei de ponghâlder om de mooglikheden te bepraten. Ek hjirjildt: alle bytsjes helpe, grut en lyts.

Tegearre hâlde wy de Fryske kultuer yn Easterein libjend!

Wy gean yntusken troch mei de tariedings en hoopje jimme massaal te sjen by ús foarstellingen yn ús eigen doarpskafee / restaurant Bergsma. Skriuw de data fêst yn jo aginda: **freed 7** en **sneon 8 maart 2025**.

Oan't sjen!

Bestjoer en spilers fan toanielferïening Fuort Mar Los

Sinteklaas wol in trekker!

“De aankomst wordt alsmaar gekker, maar sinterklaas op een trekker? Sint wil geen sportvliegtuigje van lego, een e-bike of snelle kano en raceauto's zijn maar zo zo, Sint wil een trekker cadeau!”



De bern fan Easterein wiene al dagen oan it oefenjen mei sjongen en dûnsjen. It wie dan ek net sa gek dat der in pyt oankaam op it skoalplein op in quad, fatbike, in boartersguod-trekker en in hiele grutte trekker. Mar wêr bleaun Sinteklaas?

It skoalplein stie sneontemiddei 23 novimber grôtfol mei bern, âlders en pakes en beppes. It korps Wilhelmina hâlde de sfear der goed yn en spile tige fleurige Sinteklaasferskes. En de piten dielden pipernúten út. No, dy koene se goed brûke...

Al ridlik gau kaam der nog in pyt mei in soad kabaal it plein op fytsen. HELP! HELP! Sinteklaas syn trekker die it net mear en frege at de bern ek in tou sykje koenen? Jawis wol! Op it klautertastel en yn de sânbak fûnen de bern in tou. Mei help fan de piten en de pipernútenkrêft ha de bern Sinteklaas op 'e trekker nei it plein sleept.



It wie nog droech waar, mar de wyn makke it kâld. Dat we binne snel yn optocht nei Kafee Bergsma gongen. Klaas de Reporter wist dat de piten in ferske foar Sinteklaas oefene hiene. Dit mochten se sjen litte op it poadium. Mar de bern en guon âlders koene dit dûnske ek wol, dat al gau wie it in gesellige boel op de dûnsfljer.



Sinteklaas wie ek tige nijsgjirrich nei hoe sterk as de bern fan Easterein en omkriten wiene. It tou waard wer tefoarskyn helle en de bern mochten tsjin de piten toulûke. En wa wie de winnaar? Jim riede it fêst al... de bern wiene te sterk foar de piten. DJ Jan Bouke draaide hiel tapaslik; 'We are the champions!'

Fansels kamen Sinteklaas en syn piten jûns noch by de bern del om hun te bedanken foar de moai ynkleurde kleurplaat en in pakje te jaan. It wie wer in tige slagge dei.

Tige tank foar jim donasjes & oant folgend jier!

De Sinteklaaskommisje, *Frida, Akke Rixt, Annica en Hilda*





Theunis Hofstee

Fabrykswei 1 8734 HV Easterein info@theunishofstee.nl 0515-331280

*voor het totale
plaatje naar* **V.D. WERF**
BOUWSERVICE

- Badkamer & toilet - renovaties & tegelwerk
- Kozijnen, Deuren & beglazing (kunstof & hout)
- Gevelbekleding & dakgoten (kunstof & hout)
- Dakwerk, dakkapellen & zonwering
- Aanbouw, verbouw & timmerwerkzaamheden
- Verkoop bouwmaterialen

06-46117123 • WWW.VDWERFBOUWSERVICE.NL

BOUWEN & VERBOUWEN

Nijjierssit VV SDS

Troch Helga Develing

Het sportcomplex ligt dan misschien aan de rand van het dorp, VV SDS staat als vereniging wel midden in de mienskip. Tal van spelers en vrijwilligers uit Easterein en omgeving voelen zich verbonden met deze vereniging die inmiddels al 77 jaar bestaat. Een nieuw jaar is een goede reden voor een feestje!

Al jaren is er op de eerste zaterdag van het jaar, als dat tenminste niet 1 januari is, de nijjierssit. Een traditie waar niet mee gebroken wordt. Met een nieuw onderdeel deze keer: de **VV SDS Pub Quiz!**



Ook komend kalenderjaar beginnen we actief met een mix toernooi, klaverjassen en wandelen. Het voetbal en klaverjassen gaan om 13.00 uur van start. Het voetbaltoernooi wordt georganiseerd door de activiteitencommissie. Opgeven kan via de site van VV SDS.

Het klaverjastoernooi is deze keer in handen van Harm Dijkstra en Jan Friso Bruinsma. Om zeker te weten dat iedereen kan meedoen is, het handig als je je vantevoren opgeeft. Dat kan tot 4 januari 12.00 uur bij Harm: 06 - 20702345. Wandelaars verzamelen zich om 13.45 uur bij de entree van het sportcomplex en gaan onder de bezielende leiding van Bauke en Hitsje de Boer zo'n 8 à 9 km de inmiddels vertrouwde nijjiersrin lopen.

Na deze activiteiten gaat de pubquiz los. Een aantal rondes met vragen voor iedereen. Jong en oud, wel of geen voetballer, iedereen kan meedoen. Voor de pubquiz geef je je op als team van zes spelers. Geef je teamnaam en de naam van de teamcaptain door aan Helga: 06 - 52628565 en zorg ervoor dat je team om 16.00 uur aanwezig is.

Na de pubquiz zal rond 17.30 uur DJ Baggel samen met ons het nieuwe jaar feestelijk inluiden.






SPECIALIST OP HET GEBIED VAN TUIN- EN PARKMACHINES

Onze ervaren medewerkers adviseren u graag over de machines die het beste passen bij uw specifieke situatie. Dat kunnen nieuwe producten zijn, maar we bieden ook tweedehands machines aan.



Tuin- en parkmachines



Verhuur



Service & Onderhoud

**ONZE
MERKEN:**



BOMAG

EUROM
POWERFUL PRODUCTS



HIKOKI
HIGH PERFORMANCE POWER TOOLS



BOS
mechanisatie

- BOSSHOP
 - LANDBOUW
 - TUIN & PARK
 - INDUSTRIE
- WWW.BOSMECH.NL

SIBADAWEI 24
8734 HE EASTEREIN
0515-332125

WESTEREIN 9
8571 GB HARICH
0514-602922



Kerstpakkettenactie 2024

Troch Protestantse gemeente te Easterein

De diaconie van Easterein is steeds bezig om projecten dichtbij en veraf financieel te ondersteunen. Het is fijn om dit werk te kunnen doen.



Met de feestdagen van december in het vooruitzicht willen we graag weer kerstpakketten brengen bij mensen in ons eigen dorp die rond moeten komen van een minimuminkomen.

Behoort u of behoren jullie bij deze groep?

Dan kunt u het antwoordstrookje **voor 18 december** in een gesloten envelop bij Marcel Janssen in de brievenbus doen. Zet dan op de envelop "diaconie".

Deze actie is ook bedoeld voor mensen die geen lid zijn van de kerk in Easterein.

Wij zullen uw gegevens vertrouwelijk behandelen en na gebruik vernietigen. Dat betekent dat we elk jaar opnieuw uw aanmelding nodig hebben. Dus ook mensen die eerder een kerstpakket van de kerk hebben ontvangen kunnen zich nu weer aanmelden.



Antwoordstrookje (inleveren in een dichte envelop) bij:
Marcel Janssen, De Singel 34 Easterein (Tel. 06 27347900)

Naam: _____

Adres: _____

Fan de Foareker

Troch Lineke Bakker



Skoalkeatsen

Yn de hjerstfakânsje wie it jierlikse skoalkeatsen yn Makkum. Fan de Foareker diene der 2 partoeren mei: HielkeTuinstra en Stijn Kuiper foarmen in partoer en Jelke Sybesma en Harmen Joustra ek. Beide partoeren hawwe tige harren best dien en goed spile. Jelke en Harmen wûnen sels de krânse!



Gymnastyk

Eltse wike, as it mooglik is 2 kear, geane de bern nei de sporthal foar in gymles. De bern dogge dat mei in soad wille. Foar de ûntwikkeling en de sûnens fan de bern is it tige wichtich. Fijn dat wy yn Easterein de beskikking ha oer in prachtige sporthal.



Reedride yn de IJshal

De bern fan groep 5 oant en mei 8 krije elts jier 4 lessen yn it reedriden. Se dogge dat yn de iishal yn Ljouwert. Se leare, ek as der gjin natueriis is, dochs it reedriden. We hoopje fansels dat se it dizze winter ek bûtendoar dwaan kinne!



Moarnsiten op skoalle

Elts jier yn novimber dogge we op de Foareker mei oan it Nacionaal Schoolontbijt. We wolle dêrmei sjen en fiele litte dat it wichtich is om moarns, foardat it learen op skoalle begjint, goed te iten. De bern ha, doe't se op skoalle kamen, mei inoar yn de klasse iten. De âlderried hiene it, mei help fan in pear oare âlders, foar de bern klearset.





Sinteklazetiid

Yn de wiken foar 5 desimber barre der sa út en troch nuvere dingen. Sa stie der ynienen in fyts op it skoalplein dy't sa't letter bliken die, fan Pyt wie. De bannen wiene leech en binne troch de bern oppompt. Juf Wilma hat soarge dat de fyts wer werom kaam by Pyt.





Groep 7/8 nei it Marne College

De bern fan groep 7 en 8 binne in moarntiid nei it Marne College yn Boalsert west. Op oantreklike wize koenen se efkes belibje hoe't it yn it fuortset ûnderwiis giet. Op praktyske wize ha se dwaande west en dat fûnen se prachtich.

Foar doarpsgenoaten ••• Kompjûters te krijen op de Foareker

Op de Foareker geane we hieltyd mear oer op Chromebooks. Dêrtroch ha we in oantal noch goed wurkjende kompjûters oer, dy't net mear brûkt wurde op skoalle. Dizze kompjûters stelle we om 'e nocht beskikber oan de ynwenners fan Easterein. Ha jimme belang by in goed wurkjende kompjûter, mei byldskerm, mûs en toetseboerd en mooglik in kompjûtermeubel, dan hearre we it graach.



Til. 0515-332275 (skoalle) as 06-22882323.

Fia de mail kin ek: foareker@wiis.nl



kapsalon 't Kniplokaeltsje



Op freed fan
18.00 - 20.00 oere
sûnder ôfspraak!

Skilplein 1
8734 GW Easterein
Tel.: 0515 - 33 23 20

Oant sjen!



Schade? Bel: 0515 336585

Wij verzorgen uw
complete schade

Wij spuiten keukens
en ander meubilair

www.autoschadevankrimpen.nl

Metz Style

KAPSALON VISAGIE

U kunt ook
reserveren via
metzstyle.nl

Dinsdag
8.30-12.30
13.30-18.00 uur

Woensdag
8.30-12.30
13.30-18.00
18.30-20.00

Donderdag
8.30-12.30
13.30-18.00
18.30-20.00

Vrijdag
8.30-12.30
13.30-18.00
18.30-20.00

Zaterdag
8.00-12.30 uur

Terp 27
8731 AX Wommels
0515 333 873
www.metzstyle.nl

boek·scout

Een spannend prentenboek
Geschreven door Helga Develing



Verkrijgbaar 't Heechhiem 1

€16,50

Adventsviering

Woensdag 18 december 2024
Om 16.00 uur in de Skoalleseize te Easterein

Nacht van Vrede

Jezus is het licht van onze kerst, de vreugde van ons hart en de hoop van onze wereld.


De stilte van kerst maakt ons oprecht dankbaar voor het voorbije jaar.

Het onbekende van nieuwjaar geeft hoop met God in ons midden.

Veel warmte met kerst, vertrouwen en gezelligheid voor het nieuwe jaar!

Wij nodigen de senioren van harte uit om samen met ons de adventsviering te vieren en, zoals elk jaar, gezamenlijk af te sluiten met een overheerlijke broodmaaltijd. De uitnodiging kunt u binnenkort weer in de brievenbus verwachten.

Diaconie Martini Tsjerke Easterein



Waar vind je een AED in Easterein?

- *Andries Joustrastrjitte 16, plek buitenmuur woning, permanent beschikbaar*
- *Restaurant-Partycentrum Bergsma, Sibadawei 2, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Sporthal de Greidhoeke, Stittenserleane 29, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Martinitsjerke, Tsjerkebuorren 2, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Huisartsenpraktijk Wommels-Easterein, Van Eijsingaleane 10, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *De Skoalleseize, It Heechhien 11, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Drukkerij Van der Eems, Sibadawei 20, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Bos Mechanisatie, Sibadawei 24, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Fam. Postma, Skrok 11*





Fûgelwacht Easterein

Troch Hans Kooistra (skriuwfûgel)



It rint alwer nei it ein fan 2024.

In goed momint om yn it koart ferslach te dwaan fan de aktiviteiten fan de fûgelwacht Easterein.

Us earste aktiviteit wie de fetbollen-aksje yn jannewaris. Spitigernôch koene we net by eltsenien del komme. De ferkeap gong dat it slydjage. Foar de kommende sûtelaksje hawwe we wat mear oanskaft. Jim kinne ús ferwachtsje.

Febrewaris en maart stean by ús yn it teken fan aaisykje. De earste Ijipaaien moatte fansels fûn wurde. Marco en Doede hawwe dit jier de earste fan de wacht fûn. Se rûnen mei syn beiden yn it lân fan Strikwerda oan de Stittenserleane en seagen it aaike tagelyk lizzen. By de jeugd wie it earste Ijipaai foar Lotte Overal. Sy fûn it earste aaike yn it lân fan boer Bonnema op Meilahúzen.

Yn de tiid fan de neisoarch hawwe de neisoargers wer hiel wat oeren trochbrocht yn it lân. Spitich wie it om te sjen dat er in soad aaien predearre binne troch benammen de stienmurd. Ek yn de pykefase fan de greidefûgels wie der in soad predaasje. Nim de hoanskrobber, mûzebiter, wylde kat, tamme kat, foks, blauwe en wite rigers, seemok, earrebarre, roek, âld roek. Allegear ha se wol sin yn sa'n lekker pykeboutsje. Mar foar it fuortbestean fan de greidefûgel is it net goed fansels. Der moat wat barre.


Nei de simmerfakânsje geane we meastentiids los op as neist it wetter mei de angel. Yn septimber de fiskwedstriid op de Skippersbuorren. By de jeugd gong de priis nei Niels en Benthe en by de senioaren nei Gep en Michel. Ek hawwe we 2x in snein fuort west te rôffiskjen. Sa'n 5 teams binne fûleindich oan it striden west foar de measte sintimeters snoek. Martin Overal en René Velzen lutsen oan it langste ein en gongen der mei de priis fantroch. Paul de Bruin hie de grutste snoek.

Mei troch jimme help koene wy as fûgelwacht Easterein yn maart fan 2024 in prachtige drone oanskaffe. Tige tank foar jimme finansjele stipe. We hawwe aardich wat oeren flein mei de nije drone, mar ek moasten we flechten ôflasse fanwege it reinwetter. Dêr kin de drone net goed oer.

Op 15 desimber steane we mei de fûgelwacht op de Winterfair yn Wommels. Hjir kinne jim fetbollen, fûgelhúskes en dat soart spul keapje. Jimme komme dochs ek efkes by ús stand del? Hjir kinne jim ek lid wurde fan de fûgelwacht.

Wy winksje alle frijwilligers, boeren, leanwurkers, rare fûgels, leden, nije leden, nije jeugdleden, stipers, nije stipers en alle oare Eastereiners fijne Krystdagen ta en in goed en sûn 2025!

Gerard van Asselt (Haadfûgel), Hans Kooistra (skriuwfûgel), Huite Dijkstra (Pongfûgel), Jikke Greidanus (Jeugdfûgel), Jan Flapper (Neisoarchfûgel) en Peter Sijbesma (Briedsoarchfûgel)



Greidhoeke
WINTERFAIR

mei streek produkten en
kreative ambachten út 'e
Greidhoeke!

 **Snein 15 Desimber 2024**

 **it Noard, Wommels**
rûnom It Reade Hynder & vd Velde

 foar meer ynfo
www.itreadehynder.nl/winterfair

The poster features a dark blue background with white snowflakes and a silhouette of evergreen trees at the bottom. On the right side, there are three overlapping Polaroid-style photographs showing people at a winter fair at night, with a red heart icon in the top right corner of each photo.

ropa

NATUURSTEEN

hardsteen - composiet - marmer - graniet

Keukenbladen | Vensterbanken | Interieur-Afbouw | Dorpels
Gevelbekleding | Grafmonumenten | Restauratie en onderhoud

T: 06-36499860 E: info@ropanatuursteen.nl

Toornwerterleane 3, 8845 SE Waaksens

WWW.ROPANATUURSTEEN.NL

*Dé ontmoetingsplek
van Leeuwarden!*

BEDRIJFSVERZAMELGEBOUW – FLEX WERKPLEKKEN – SPORT & FITNESS
SUPERSNEL GLASUEZEL INTERNET – VERGADERRUIMTES – EN MEER...!



@defabriek058



facebook.com/defabriek058

LEEWARDEN
DE FABRIEK

JAMES WATTSTRAAT 4 / LEEWARDEN / 058 - 30 30 490
WWW.DEFABRIEKLEEWARDEN.NL

Nijsgjirrich Tsjerkenijs

Troch Nicolette Vlaming

Samen eten als dorpsgenoten

In oktober en november schoven weer mensen aan in Skoalleseize voor het 'samen eten'.

In december kan dat ook weer en wel op **12 december** om 12.00 uur. De kookgroep gaat een heerlijk kerstmenu bedenken. Het enige wat je hoeft te doen is je aanmelden bij Annie Sjaarda (06-20765494) en komen. De kosten bedragen € 7,50 voor een driegangen menu.



Filmavond


Met elkaar kijken we een film rond een thema.

Veelal zijn het films die op de waarheid berusten en die raken aan thema's uit ons dagelijks leven of de actualiteit. Na afloop bespreken we wat ons opviel en wat ons raakte. Opgeven is niet nodig, er is altijd wel een plaatsje vrij op de bank aan de Populiereleane 9.

Advent en Kerst voor kinderen

In de kerk kijken we samen met de kinderen uit naar het Kerstfeest. We lezen verhalen waarin we horen over mensen die elkaar helpen hopen.

De zondagen van 1, 8, 15 en 22 december en op kerstochtend 25 december kunnen de kinderen om 9.30 uur in de kerk komen. Er komen dan twee wandelaars langs die iets te vertellen hebben.



Daarna gaan de kinderen knutselen en al die knutselwerkjes krijgen een plekje in de grote kerstboom in de kerk en in een kleintje voor thuis. Kom je ook met je (klein-)kinderen? En help je mij hopen?

Kerstavondviering met 'A Christmas Carol'

'A Christmas Carol', na het geboorteverhaal uit de bijbel, het meest bekende kerstverhaal. Het verhaal dat Dickens schreef is kritiek op de sociale misstanden en de omstandigheden waar de mensen in die tijd onder moesten leven. Niks nieuws onder de zon, zou je kunnen zeggen.



SUCCESVOL AFVALLEN & OP GEWICHT BLIJVEN

Dat afvallen ook leuk kan zijn bewijst PS food & lifestyle; het programma dat verse groenten, zuivel, vlees(vervangers) en vis combineert met koolhydraatarme én eiwitrijke producten zodat je vet verbrandt en geen spieren.

Dé manier waarop het wel lukt.

Begeleiding

Professionele en ervaringsdeskundige coaching in Wommels, Terschelling en online

EMS-training

Train je grootste spiergroepen in slechts 20 minuten inbegrepen in afslank programma!

Gewichtsbehoud

Wensgewicht behaald? Ik bied je **VIJF JAAR** gratis nabegeleiding!

DAAROM GA JE NAAR BALANSIE!


Wil jij ook gezonder leven én lekker blijven eten?
Plan dan nu je GRATIS intakegesprek en ik informeer je graag naar de mogelijkheden van mijn begeleiding.

www.balansie.nl | 06 - 15 90 61 19

Het verhaal zet goed tegenover slecht en wij doen niet anders. We keuren het één af en vinden het andere top. Maar let op: iedereen kan een Scrooge zijn. Denk maar eens aan al die typetjes als Moppersmurf, Fred Flintstone, of Dagobert Duck. In het geboorteverhaal en in het verhaal van Dickens is er een bijzondere ontmoeting en zulke ontmoetingen zetten je aan het denken. Wat doet er echt toe in ons leven?



Naast dit nadenken over gulheid en vrijgevigheid hoort ook het zingen van kerstliederen bij deze avond. Dat gaan we dus ook doen! We zingen en we luisteren naar dat andere bekende verhaal om 20.30 uur in de Martinikerk. Vooraf is er Glühwein en warme chocolademelk, er klinkt muziek en het is warm! Tige wolkom!



**Kerstconcert
in Easterein**

Organist: Frans van der Hauw,
4 koperblazers (Wilhelmina) & samenzang

Zondag 15 desimber 2024 in de
prachtige Martinikerk van Easterein.

Aanvang: 20.00 uur | Entree GRATIS
(collecte t.b.v. onkosten)

De Kerkrentmeesters

† Kerkebuorren 2 | 8734 GX Easterein | www.kerkeastereln.nl

Krystkonsert yn de Martinitsjerke

Op snein 15 desimber jûns om 20.00 oere sil der yn de Martinitsjerke in sfearfol krystkonsert hâlden wurde.

Oan dit konsert wurkje mei:
Frans van der Hauw, oargelist fan de Martinitsjerke en in **koperkwartet** fan muzykkorps Wilhelmina: Tina de Boer, trompet; Hessel Santema, bugel; Jan Bles, trombone; Baukje Smink, euphonium. Sawol ynstrumintaal as ek it meinoar sjongen beloofd it in moaie jûn te wurden.

Tagong fergees (kollekte by de útgong foar de ûnkosten). Kofje/tee nei ôfrin yn it koar. **Allegear tige wolkom.**



INT. HANDELS- EN TRANSPORTBEDRIJF

GEBR. VELLINGA B.V.

SIBADAWEI 26A · 8734 HE · EASTEREIN

FOURAGE: 0515 - 331565 · TRANSPORT: 0515 - 333510

GEBR.VELLINGA@HETNET.NL · WWW.GEBRVELLINGA.NL



(YNTERNASJONNAAL) TRANSPORT · MINGFOER
RUWFOER · HOBBYFOER · DONGSTOFFEN
STRUISEL · GERSBROK

IEPENINGSTIDEN: TIISDEI 09.00-17.00 OERE EN SNEON 08.30-12.00 OERE

Magische VR-meditatie

Kom even helemaal tot rust in deze drukke decembermaand. Ervaar magische ontspanning met VR-meditatie in de Bibliotheek! Stap in een wereld van rust en verwondering met onze VR-bril en de betoverende TRIPP-app. Laat je meevoeren op een magische reis naar ultieme ontspanning. Woensdag 18 december tussen 14.30 en 15.30 uur. Opgeven via bmf.op-shop.nl of aan de balie. Goed om te weten: de VR-sessie duurt ongeveer 10 minuten. Daarna heerlijk bijkomen met een kopje verse thee. Acitiviteit is gratis.

Creatief café


Een speciaal magisch kerst-creatief café op 16 december van 14.30-16.00 uur. Geef je deze keer op als je mee wilt doen, want we gaan haken en weten graag hoeveel materiaal er nodig is. Aan de balie of via bmf.op-shop.nl

Bibliotheek aan Huis

De service om boeken aan huis te brengen, is opgezet zodat iedereen boeken kan lenen bij de bibliotheek. Wilt u gebruik maken van deze service, dan neemt de medewerker contact op. Vervolgens wordt u gekoppeld aan een vaste vrijwilliger die regelmatig boeken voor u haalt en brengt. Centrum De Mik brengt boeken langs als het om een korte periode of één keer gaat. Om gebruik te maken van de bibliotheek aan huis moet u minimaal een basisabonnement hebben. Er zijn geen extra kosten verbonden aan de bibliotheek-aan-huisservice. Wilt u gebruik maken van deze service? Neem dan contact op met de bibliotheek Wommels.

Boekbespreking

Op dinsdag 17 december bespreken we: Nirwana van Tommy Wieringa. Doe je mee? Deze bespreking is in It Bynt om 19.30 uur.



Ut de húshâlding fan... Oplossing

Dizze kear in foto út de húshâlding fan Sjors en Joke Rijpma:
Franca en Christian

De koksmûtse: Kersttulband

Troch Annebeth de Jong

Ingrediënten

- 200 gr amandelspijs (kun je ook zelf maken)
- 200 gr roomboter, op kamertemperatuur
- 140 gr witte basterdsuiker
- Snufje zout
- 1 citroen (rasp)
- 4 eieren
- 200 gr patentbloem
- 10 gr bakpoeder

Vulling (optioneel)

- 50 gr hele amandelen
- 75 gr rozijnen

Bereiding:

Vulling

- Hak de amandelen en gekonfijte sinaasappelschillen in kleine stukjes. Doe met de rozijnen in een kom en laat een nacht wellen in de Cointreau. Laat hierna volledig uitlekken.

- 75 gr gekonfijte sinaasappelschillen
- 75 ml Cointreau (of andere sterke drank, bijv. rum, armagnac, etc.) (ik heb alleen 100 gram in stukjes gesneden bigarreux door het beslag gedaan)

Extra

- 50 gr boter
- 50 gr amandelschaafsel
- 125 gr poedersuiker
- 25 ml water of citroensap



**Kapsalon
Wilma**

VOOR DAMES EN HEREN

Hottingawei 4
8771ST Nijland

OPENINGSTIJDEN:

Dinsdag 8:30 - 18:00

Woensdag 8:30 - 12:30

donderdag 8:30 - 18:00

vrijdag 8:30 - 21:00

Andere tijden in overleg



Bel. 0515 569099
App. 06 22726324



Lang haar en bruidspecialist - Goldwell mastercolorist

Tulband

- Verwarm de oven voor tot 160 °C. Vet de tulbandvorm van ø 25cm in met boter en bestrooi goed met amandelschaafsel.
- Roer de amandelspijs en de boter glad. Voeg de suiker, citroenrasp en zout toe en klop het zacht en luchtig.
- Voeg de eieren één voor één toe en klop weer verder luchtig.
- Zeef de bloem en bakpoeder boven het beslag en spatel er rustig doorheen tot het goed gemengd is. Spatel nu ook de vulling erdoor.
- Giet het beslag voor de kersttulband in de vorm en bak in circa 60 minuten gaar of tot een prikker er schoon uit komt.
- Laat de cake afkoelen in de vorm zodat deze minder uitdroogt.

Afwerking

Je kunt de kersttulband op verschillende manieren afmaken:

- Bestrooi met poedersuiker voor een meer klassieke stijl.
- Bestrijk met wat warme (en afgeslachte) abrikozenjam voor een glanzende finish.
- Maak van de poedersuiker en water een glazuur om over de tulband te gieten. Voeg het water in stapjes toe tot je de juiste dikte hebt. Door citroensap te gebruiken in plaats van water krijgt het glazuur een lekkere frisse smaak.



Bron: <https://gwennsbakery.nl/kersttulband>

Willy Sybesma (skoalle) Fotografie

Hofsleane 5 Easterrein

1

www.willysybesma.nl

Sykje jo een fotograaf foar it meitsjen fan foto's fan:

- De famylje
- Jim gesin
- Jimme swangerschap
- Jo bedriuw

Dan bin ik miskien wol de fotograaf foar jim !

Wolle jo ris yn petear mei my oer een fotoreportage?

Beije kin nei:

06-48071440

Of maille nei:

info@willysybesma.nl



Wachtsje net mei it fêst lizzen fan oantinkens oant letter
want letter is no!

Bernehoekje

Troch Froukje Dijkstra


**Wa kleuret my it
moaiste yn en wint in leuk pryske?**

*Ynleverje kin oant 25 desimber
op Eeskwert 25.*



Namme: _____ Leef tyd: _____

Adres: _____



*Spul of gjin spul?
Altijd een boppeslach met MRW.*

“Duurzaamheid zit in ons hart”



Duurzaamheid is het goed doorgeven aan de volgende generatie. Dit zit in het hart van ons familiebedrijf. Omdat elke generatie een mijlsteen voor de volgende wil leggen. Dit vraagt om langtermijnvisie. Voor ons is de relatie tussen leven en werken – ons bedrijf en de samenleving – zonneklaar. Werken is voor ons daarom ook synoniem aan meewerken aan een duurzame(re) wereld. Juist daarom produceren wij drukwerk CO2 neutraal!



drukkerij van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN